

## Wêrom hjitte de Friezen sa?

Riemer Roukema

Ferskynd yn / verschenen in: *Meidielingenblêd fan it Frysk Selskip Swol* 45, 2 (hjerst 2016), 6-8

Friezen wenje yn Fryslân of se komme dêrwei, dat liket sa dúdlik as wat. Of oars, sa't it yn myn gefal gien is: ús heit kaam út Fryslân, mar ik bin hikke en tein yn Hollân, en haw fan it Frysk earst oars neat leard as in pear wurdjes: pake, beppe, boartsje, sûkerbôle, fierljeppen, en sa noch in stikmannich. Mar mei ús pake en beppe prate ik Hollânsk, en ik neamde har opa en oma. Ús oerpake neamde ik al pake. Doe't ik als jonkje yn in winkel yn Dokkum yn it Frysk oansprutsen waard, sei ik: 'Kunt u het ook in het Amsterdams zeggen, want ik versta geen Fries.' Doe't ik tolve wie, haw ik ús heit om in Frysk learboek frege, en sa bin ik begûn en meitsje my it Frysk wat eigen. Doe't ik mei 25 jier dûmny yn Top en Twel waard, bin ik myn hollânske tongfal kwytrakke en bin ik Fries mei de Friezen wurden.

Mar wêrom neame Friezen har sa: Friezen? Dat is in apart ferhaal – en dochs net. Yn it begjin fan ús jiertelling wennen der al minsken op 'e eilannen yn 'e see en it lân tusken de marren dêr't it noardlike part fan ús lân doe út bestie, mar hoe't dy minsken harsels neamden, witte wy net. Wy witte al, hoe't de Romeinen dy minsken neamden: *Frisii* of *Frisiavones*. Dêr kinne wy it wurd 'Friezen' maklik yn werom. Om it jier 100 nei Kristus hinne hawwe Romeinske skriuwers, Plinius de Âldere en Tacitus, yn har taal, it Latyn, de bewenners fan dy eilannen en kuststreek frij sekuer beskreaun. Dy minsken hienen in hurd libben, om't de see har altyd wer bedrige.

In pear ieuwen letter hawwe de measte eilânbeanners belies jûn. It wie dêr gjin libben. De stoarmen wienen te fûl, it seewetter sette te heech op. Argeologen miene dat de bewenners yn it begjin fan 'e fierde ieu foar in grut part nei it suden teagen, of oer de Noardsee nei Ingelân foeren. Migranten binne fan alle ieuwen. De kustbeanners joegen de eilannen oan de eleminten oer. As der al minsken oerbleaun, dan wienen se mar minmachtich.

Dat hat sawat in ieu duorre. Mar yn it begjin fan 'e fiifde ieu kaam dêr feroaring yn. Argeologyske fynsten wize út dat der doe wer mear minsken op dy eilannen en yn 'e kuststreek wennen. Wêr kamen dy wei? Har pottebakkerswurk like op dat fan – wat no is – Noard-Dútslân en Jutlân yn Denemarken. Dêrút kinne wy opmeitsje dat de nije bewenners dêr ek wei kamen. De oerienkomsten tusken it lettere Frysk en it Deensk wize dêr ek op. Wa wit wienen de nije kolonisten út har eigen kontreien ferdreaun, of wie der net genôch romte foar har neiteam. Hoe ek mar, se namen it lân en de eilannen yn besit, en dêrút kinne wy opmeitsje dat de driging fan 'e see en de stoarmen doe wat minder wurden wie. De nije migranten hawwe har grif mei de seldsume bewenners dy't se oantroffen fermingd en houliken sletten.

Mar hoe neamden dy minsken harsels? It goede antwurd is: dat witte wy net. Skriftlike boarnen hawwe se net neilitten, op wat rune-ynskripsjes nei. Mar wat we al witte, is dat de minsken fan súdliker streken al in namme foar dy eilân- en kustbeanners hienen: Friezen! Sa hienen Plinius en Tacitus dy minsken op dy eilannen en oan 'e kust ommers neamd. Yn súdliker streken wie de Latynske taal bekind bleaun, en yn dy taal koenen de prysters en gelearden by Plinius en Tacitus oer de *Frisii* en *Frisiavones* lêze. Der is lykwols gjin spatsje bewiis dat dy noarderlingen harsels ek 'Friezen' neamden.

Letter is dat oars wurden. Wy meie oannimme dat it sa gien is: Doe't dy nije ynwenners mei de minsken fan 'e súdliker lannen omgongen en hearden hoe't dy har oantsjuten – as 'Friezen' –, moatte we oannimme dat se op it lêst dy namme oernommen hawwe en ek foar harsels begûnen te brûken. Dat, wêrom hjitte de Friezen sa't se hjitte? Om't oaren har sa neamden, en dy namme hienen se yn âlde Latynske boeken fûn.

Dat kin ús nuver oankomme, mar sa frjemd is dat net. Yn Afrika is it ek sa gien. Doe't de Romeinen yn 'e twadde ieu foar Kristus har in streek eigen makken, dêr't no sawat Tunesië leit, neamden se dy: *provincia Africa*. Dy namme *Africa* waard ek wol foar it hiele kontinint brûkt. Mar wy moatte net tinke dat de minsken op dat kontinint dat doe ek sa neamden en dat se harsels oantsjuten as 'Afrikanen'. Dat kaam folle letter pas, doe't de Europeanen har lannen kolonisearren en fan 'Afrika' en 'Afrikanen' sprutsen. Nei ferrin fan tiid hawwe de ynwenners dy namme doe oernommen en op harsels tapast. Dat, as yn Súd-Afrika ynmoedich it folksliet songen wurdt, mei de namme Afrika dêryn, dan liket dat tige op de Friezen dy't ynmoedich oer Fryslân sjonge.

Boarne (ûnder oaren): Luit van der Tuuk, *De Friezen. De vroegste geschiedenis van het Nederlandse kustgebied*, Utrecht 2013

---

Letter (yn maart 2018) seach ik dat de téory oer ûntfolking en nije bewenners ek dield wurdt troch André Looijenga, Anne Popkema en Bouke Slofstra, de skriuwers en oersetters fan it skitterende boarneboek *Een meelijwekkend volk. Vreemden over Friezen van de oudheid tot de kerstening*, Leeuwarden 2017, 16-17. It jout oersettings fan dy âlde boarnen yn it Hollânsk en yn it Frysk.